

Wommels it doarp 65 jier lyn. 1957 -2022



Troch Reinder Posthuma

As bakkersfeintsje op de Keatsebaen 2 alle dagen mei de bakfyts derop út. Tsjinoer ús it mûnske skoalhûs, wêr't master Geertsma wenne mei derefter de iepenbiere skoalle en in skoalplein fan grint.

Yn it skoft hellen de bern bij ús foar in stoer koarstekoeke, wat sij tige lekker fûnen.

Troch it klapstekje neist it tsjerkhôfstek koene je bij it keatsfjild lâns nei de pleats fan Klaas Boersma dy 't der buorke, no de strjitte Fyns.

Dan it gemeentehûs mei in grut giel stiennen stek derfoar wêr 't Tsjipke Robijn de konsjerzje wie, hij wenne dêr yn in boppewente, mei neist it gemeentehûs it plysje buro mei

Klynstra as groepskommandant.

Op 'e hoeke (no Attie 's winkel),

de Vivowinkel fan frou Dykstra

mei soan Lieuwe en dochter

Houk, sij seagen út op it

ûnbewenber ferklearre hûs fan

Klaas Abma (no Minne Bouma)

mei as buorman Jan Kooistra

dy't dêr in radiosak hie en in

gelûdswein.



Dan nei it Achterom mei de timmerskuorre fan Sybolt Bouma (no Oldenburger) wêr 't Bindert Faber timmerfeint wie.

In eintsje fierder de Vivowinkel fan Jan Reitsma (no Klooster) hij hie altyd in wite pet op en sutele mei syn JLO moter efterop hiel wat ôf en kaam sels oant yn Eksmoarre.

In eintsje fierder oan de rjochterkant in rychje fan fjouwer hûskes, dêr wennen doe û.o. beppe Richtsje, in blier minske dy't in protte wille hie, en âlde Durk Posthuma, hij hie altyd in swart petsje op, mei syn dochter Minke. Ek wenne dêr Johannes Bakker in echte hynsteman, hij hie in grutte snor en waard dan ek faak de Johannes snor neamd.

Tsjinoer dit rychje huzen wenne Teake Bootsma hie wie ek jager en efkes fierder Sjirk Jouwsma dy 't ek wol Sjirk Roffel neamd waard, hij fiske in protte en hong dan de fisknetten te drûgjen op it stek foar syn hûs.

Dan binnetroch, mei de bakfyts koe dat krekt bij de brânstofhokken fan Joustra lâns en sa kamen je út op ‘e Dr Sipkestapertstrjitte mei earst it hûs fan beppe Brandsje (no Henk Bootsma). De bern fan de kleuterskoalle „Blier Begjin” wisten mar al te goed dat beppe Brandsje lekkere snoepkes hie, sij wie de frou fan Brand Abma, fandêr dy namme.



De kleuterskoalle stie der flakbij mei der tsjinoer Hommema aardingsystemen, in tige grut en drok bedriuw mei ferskate wurknimmers. De Stapertstrjitte wie in moderne buert mei de nijste snufkes op it gebiet fan wenjen mei û.o. in lavet en in wc, sadwaande hie de tûntsje-auto dêr gjin boadskip mear, it wie de „elitebuurt” der wennen û.o.: plysje Meier (steile Bouke) master Knoppers en Murk Bonnema.

Dan werom troch de Vicarystritte nei de Hofkamp mei op ‘e hoeke Tsjerk Postma’s griente en fruithandel. Postma hie in bakfyts mei oan de side in soarte fan hânfet wêr ‘t soan Willem oan lûke koe as it hurd waaide.

Rjocht op de bakkerij fan Jaring Hiemstra oan (no Folkert Nijdam); baas Jaring wie in echte natoerman, hij mocht graach aaisykje en fiskje en fytste altyd mei saneamde beenkappen om.

Neist Hiemstra it skoalhûs (no Jan Bootsma) fan de herfoarme skoalle dy’t der achter stie mei der tsjinoer it Hofkamplokaal dat tsjinne as doarpshûs mei Ate Smit as behearder.



Oan de oare kant de timmerskuorre fan Goslinga, mei derneist Johan Hobma dy ‘t radio

‘s en telefysjes te keap hie en wêr ‘t sneontemiddeis in protte bern telefysje sjen mochten, it koste in dûbeltsje en se seagen dan faak Pipo de Clown.

Tsjinoer Hobma wenne Durk Bruinsma (no fam Fopma) mei syn winkeltsje mei sjipte (Ata .Omo en Persil ensfh) en efkes fierder beppe Afke (no Anne



Brouwer) dy 't kofje en thee ferkocht en faak jongerein oer de flier hie, it wie dêr gesellich. Fierder Wiebe Wiersma mei de Kûbaarder brijkarre (no Theunis Boonstra) mei in eintsje fierder Gerrit Hiemstra, hij ferkocht Turkenburgs zaden, en wer wat fierder (no Marten Hylkema) Douwe Douma, syn jonges sutelen nei skoaltiid mei kofje en thee en hiene bij de doarren as sankje: koffie, thee, en nescafeeeee.

Oan de oare kant de timmerwinkel fan Sipke Dijkstra (sipke potlead) en derneist wennen de dames v/d Zee, ien fan harren wie hânwurklearares.

In eintsje fierder it rychje 4 wite fabrykshuzen, dêr wennen û.o. Ulbe vd Zee dy't mei it doarpsfeest syn selsmakke draaimûne foar syn hûs stean hie mei draaioargel muzyk, hij wie in echte nifelder en koe ek klokken meitsje.

Oan de ein fan de Hofkamp wennen Auke vd Wal hij hie in Bedford frachtwein en hie in tige grutte molkrit. Neist him wennen Germ Bootsma hij hie kij en wie needslachter, it gebou derfoar stie dwers oan de ein fan de Hofkamp.

Dêr stie ek in hûs, fan Johannes Eisma dy't yn âld izer handele, it is sloopt en sa kin je no op de Dr Sipkestapertstjitte komme.

Dêr stie ek noch in rychje huzen, ek sloopt, der wennen û.o. Willem vd Meulen dy't ek wol Willem peukje neamd waard.

Yn it lêste hûs oan de Hofkamp wennen Harm Kamstra en syn soan Harke Kamstra, hij wie keuterboer, hie ek in molkrit derbij nei Iens, meande in protte bermen om oan hea te kommen. Harke koe fan alles en makke sels in karavan in unyk besit yn dy tiid.

Noch fierder koene je oer in brechje, mei daliks rjochts in pleatske, dêr buorke



Gerrit Hilarides, hij hie op ferskate plakken lân, sawol oan de noardkant as de eastkant fan Wommels en wie sadwaande in protte ûnderweis mei hynder en wein.

Ûnder dat brechje troch fear elke moarn Durk Jouwsma mei syn molkboatsje nei boer Klaas vd Weg om dêr de molke op te heljen.



Woene jo fierder de súdhoeke yn dan wiene der twa smelle paadsjes, it iene rjochts wie fluorre nei Jolle de Jong (vdValk) en Tseard Dykstra en links in betonpaadsje nei vd Weg (Bakker) en de Hoop (Bonnema)

Healwei kamen je dan oer in tige smel brechje mei yn it midden in dwersstang, dêr koe krekt in fytsstijl bijlâns, altyd in noedlike ûndernimming, lâns dit smelle paad koene je ek fierder de slachtedyk berikke.

Oan de Hofkamp wennen fierder noch skilder Nijdam en Tseard Zijlstra dy 't molkboer wie: earst mei in brijkarre en letter mei in saneamde elektryske „hond”wêrmei 't hij elke moarn om seis oere nei de suvelfabryk ta gong om syn foarrie oan te fullen. As it drok wie dan holp syn frou Akke mei, sij hie dan in griene learene jas oan.

No gean we wer fierder op nei de buorren en komme dan foarbij it Stroek wêr 't âlde kapper Feike Boschma wenne (no Sieperda), in tige eptich mantsje mei it hier op e kuif fansels.

Dan it postkantoar mei Willem de Vries as kantoarhâlder mei as buorman slachter Ykema (de vlinder) en der tsjinoer Bertus Hogendorp (bertus hup) mei syn krudenierswinkel hij sutele mei de hânkarre en rûn sels nei Waaksens ta.

Dan omheech in hiele skower mei de bakfyts bij de keatsebaen op want dy is aardich steil, winterdeis as der snie lei koe Eelke Terpstra, in molkrider dy't neist de krommesylbrêge wenne, der soms hast net mei syn trekker bij op komme en wie it sa glêd dat de tsjillen slipten.

Oarsom moasten je ek oppasse, suster Roukema soe efkes wat helje bij de bakker mar fergeat om de hânrem fan har Renault Dauphine te brûken en fûn har auto hast yn de Vivowinkel fan frou Dykstra werom.


No geane we fierder bij de wyt bepleistere tsjerke lâns rjochtsôf it Bosk yn mei oan de linkerhân it saneamde bierhûs (no Jumbo) mei derneist in rychje fan fjouwer huzen, no ôfbrutsen en no parkearplak. Yn ien fan dy huzen

wenne âlde Baarda mei syn frou dy ‘t altyd sûkerkoeke mei „skuorkes” ha woe, fierder stie oan dy kant fan it Bosk neat mear want dêr wie it appelhûf fan Hendrik Abma. Oan de oare kant de freulewentsjes wêr ‘t Willem de Boer wenne dy ‘t peteroalje ferkocht en der in spesjale pet foar op hie. Hij wie ek doarpsomropper en moast op in kear omroppe dat der fleis bij de needslachting te krijen wie, hij rôp doe „papier yn de needslachting, fleis meinimme” wat hij letter noch faak heare moast. Syn frou Akke hold hij altyd rekken mei en syn stopwurd wie dan ek faak: „Ik sei tsjin Akke”.

Yn it lêste hûs wenne Eeltsje Bootsma mei syn mem, hij hie in motorfyts dy ‘t hij faak brûkte.

Oan de efterkant fan de freulewentsjes wenne û.o. Gerryt Vos mei syn frou Feikje (Vossefeik yn de doarpsmûle), Gerryt dy rûn noch mei in juk mei oan beide kanten in koer mei bôleguod, hij sutele op „sliten”foar bakker Hiemstra.

De freulewenten wiene de lêste huzen fan it Bosk, woene je al fierder dan koene je in paadsje del, dan oer in brechje en kamen dan yn de tún fan rêsthûs „Nij Stapert”, je koene der omhinne rinne en seagen dan dúdlik it sikesealtsje, de omjouwing wie dêr parkeftich in tige moai kuierke, je kamen dan nei in lyts




eintsje rinnen út bij it stek oan de fan Sminialeane wat de tagong wie nei de keuken fan Nij Stapert, wêr ‘t Harke Hemrica de konsjerzje wie.

In eintsje nei rjochts de „houten klink”(no Wiersma)dêr wenne âlde Jabik Haytema mei syn húshâldster Willemke, sij hiene in protte hinnen en simmerdeis de heaparsen van Haytema fan Vrouwenparochie.

No werom bij it hûs Prahoe langs, dat neamd is nei it plak yn Indie wêr ‘t de bewenner fan dat hûs (no fam vd Heide) mei in fleantuch ferûngelokke is.

Oan de eastereinder dyk stiene trije buorkerijen, Jan Faber as fierste (Meerdink) dan Willem’s Afke v Dijk (Boersma) en dan Klaas Tjallema (no ter Bekke), en in eintsje fierder in moai houten gebou dat Douma as garaazje brûkte, dêr stiet no it hûs fan Lunshof en wer wat fierder wenne de fam Abma mei achter harren hûs in grut appel- en parrehûf.

Neist harren it hûs mei de hege stoepe wêr ‘t fjouwer húshâldings yn wennen (no Offinga) mei as buorman Rients Dykstra dy ‘t it kantoar fan de



Lolle Thymstra

boerenleenbank oan hûs hie. Efkes fierder dr Nammensma (no Kuiper) mei der tsjinoer de tún mei reade beamkes fan Abma (letter de rabobank) en it mânske hûs fan Lolle Tymstra (no Ruiters), hij wie in echte aristokraat mei in grutte wite snor, dy't omdat hij rûzje hie oer it sitplak yn tsjerke, nei tsjerke gyng yn Boalsert.

Oan de oare kant feedokter Kleinjan (no van Putten) en it notariskantoor fan Tuinstra mei Sipke Boonstra en Marten Hobma as klerken. Dêr tsjinoer kafee Gerbens (no Metzlar) dy't oan de dykskant wennen en dat no fergaderromte is.

Rjochtsôf op nei de spannumerdyk (Walperterwei) mei al gau oan de rjochterkant oan de oarekant fan de feart, de muloskoalle mei de legere grifformearde skoalle yn ien gebou mei master Risselada as haad. Dan de LAB garage (Leeuwarder Auto Bedrijf) fan Jan Boonstra mei reade autobussen mei sjauffeurs en konduktrices. Neist him wenne yn it lêste hûs frou Ozinga (no Bleeker) mei twa net-troude dochters en soan Sibbele dy't in pear kij hie en foar it foer û.o. skilen ophelle út it doarp.



We stekke no oer nei de „Eendracht” de eardere spekulative suvelfabryk wêr 't lânbou-ark makke waard en „Manus”molkmasines ferkocht troch de bruorren Poelsma, efter de fabryk stiet it grutte tsiispakhûs (no Wiersma) it fabryk is letter ôfbrutsen. No werom nei de Walperterwei mei earst Fre Felkers in komelker (no vdVelde) mei as buorman Gabe Wierda dy't molkkontrolleur is en dat neisjocht yn syn lab. Tsjinoer de mulo wenne Smits dy 't in kleanmakkerij hie, hij is de buorman fan Doeke Bosma (no Bontsje) dy 't fan oarsprong weinmakker is mar no „techneut” dy 't oeral ferstân fan hat, hij hat sels in grutte Harley Davidson motor dy 't hij graach brûkt, hij ferkeapet ek brommers fan it merk Cyrus wêr't wij as jonges fan drome.

Dan komt Rintsje Zijlstra as krudenier mei letter it taxi riden derbij en yn it lêste hûs foar it Noard slachter Haitsma (no HenkTalsma).

Yn it Noard is it altyd drok der is ek de bushalte fan de „LAB” foar de ruten fan bakker Freerk vd Bos en Wytse Visser fan it APFZ sikefûns beide wenten ha romte makke foar de winkel fan vd Velde, hjir wie ek de grientesaak fan Belksma (no cafetaria) mei derachter de pleats fan Jan Stienstra dy ‘t swarte brânstof en oalje ferkocht.



Tsjinoer bakker vd Bos (tilfnr 265) wennet Walle vdVelde mei sigaren sigaretten en alles wat mar ferkeapje woe, Walle hie mei Eeltsje Bootsma mei de freulepartij altyd de tinte mei kofje, broadsjes ensfh.



Skean tsjinoer vdVelde de garage fan Durk Douma mei in benzinepomp, de auto’s Chevrolet en Ford, en letter hie hij ek in dealerskip fan Glas Isar auto’s, it merk is letter oergien nei VW.

No krije we de terp it „winkelhert “fan Wommels en ik gean dêr mei de

klok mei bylâns, as earste it hûs fan master Iestra earder haad fan de mulo, sij ferhierden de boppekeamer oan suster Roukema de wykferpleechster. Dan slachter Felkers, Cees Douma sinkwurk en galantery, Durk vd Meer húshâldlike artikels, fytsen en brommers, Rients Smeding griente en fruit en blommen (no Jumbo) mei as buorman P. Dijkstra de eardere gemeentearsjitekt. We stekke oer en komme bij de konsistoarje (no ôfbrutsen) dy’t neist de pastorie stie mei as bewenner dûmny den Hartogh dy ‘t scooter ried. Dan kapper Boschma mei as feint Tjalling Alkema, Jan Bakker yn grutterswaren, Sipke Boonstra bondsspaarbank, Gerard van Wieren smederij en hoefsmid, oer de dyk kapper Buding, Feiko Timersma skilder, Eeuwke de Groot krudenier (hij hie de earste Citroen Snoekebek), frou Noormans ek krudenier, dan Miedema manufacturen en kleanmakkerij

(Miedema 's Maatkleding, Maakt, Menigeen, Mooier) no de Freule, mei der neist Hindrik Dijkstra mei meast wenning yn rjochting, dan rêstend boer Zoodsma, dan Piet vd Velde mei ek sa 'n winkel mei in hege stoepe derfoar dan. Hessel



Bootsma (no Joost Faber) hij hannele as bijfertsjinst ek yn âld izer mei oan de foarkant it hûs fan de susters Miedema, Wybrich en Yfke dy 't bij har broer yn de winkel stie, sy hiene kostgongers as bijfertsjinste (faak skoalmasters). Neist harren wenne Kobus Bonnema (syn frou siet yn in rolstoel) en boppe harren wenne soan Jan mei syn frou Mary. Yn de steech dêrneist wennen twa feekeaplju, Germ vd Lageweg mei syn mem en suster Pytsje en syn dochter Ineke (Germ wie al jong widdoman). Ek wenne Terpstra dêr, better bekend as „Jumbo”: as hij fytste frijwiele hij hast mear as dat er trape en wij hiene as jonges it folgjende rymke: 1,2,hoJumbo. Ynde hoeke fan de terp stie it saneamde hemeltsje (no Durk Boschma) wat earder in cafe wie mei der neist de buorkerij fan Jan Fekkes (no Jelle de Jong), hij hie altyd bern op syn hynder en wein, tsjinoer him stie de pleats fan Catrinus Wybenga, no ôfbrutsen mei der efter noch in rychje huzen de saneamde „klompenbuert”

Dan noch Bauke Baukema (no Tamme Metzlar) mei griente en fruit en in eintsje fierder Douwe (fleske) de Vries (no Jimbar) hij hie in molksaak.

No binne we de terp rûn west en moatte noch nei it Âld hiem mei earst frachtriderij de „Kombinatie” Feitsma, de Vries en Bonnema, Minne de



Vries wenne neist it tsiispakhûs, sij hiene û.o. in beurtstjinst op Snits, Boalsert en Ljouwert, ek ha se letter tonnen tsiis ferfierd foar it molkfabryk dat al lang ferdwûn is. Dan ha we noch der tsjinoer baas Giel sa 't hij hjitte yn de omgong, syn pakesizzers wenje der noch,

Hiemstra wie in keunstsinnich man hij ferstie syn fak goed mar koe boppedat ek moai skilderje en wie tige muzikaal.

Oan it âld hiem wenne fierder Rinze Joustra mei branjehandel, sa no en dan lei syn turfskip, in skûtsje, yn de feart tsjinoer harren, ek oan de feart wenne Sjouke Boersma (no frou Bootsma) hij wurke bij de gemeente en helle jiskefetten en tûntsjes op en sneontemoarns fage hij de strjitten mei as kollega Melle Eisma (Klaas syn heit), sij hiene in grutte karre op luchtbannen dy 't sij sels triuwe moasten (fan ARBO hie men doe noch noait heard). Neist Minne de Vries stie noch it diakony gebou sadat de dyk nei de brêge tige smel wie, dit gebou waard û.o brûkt as fergaderromte foar de frouljusferiening en sa. Oan de oare kant wie de winkel fan bakker Postma om dêr te kommen moast men bij in trepke del dat der no noch is. Foar minsken dy't gebrekkich wiene wie dat ûnmooglik, dêr tsjinoer wie noch in pleintsje wêr 't no de leugenbank stiet. No de brêge oer dy't oan alle kanten rattelet (it bêste is der aardich ôf) en komme de brânwachtgaraazje foarbij mei der neist Bouma dy 't hea roeder is foar de brânfersekering en ek jaget yn de hjerst, syn buorman is Pieter (koet) Kamstra, we bin de trekwei dan al foarbij yn it lêste hûs dêrfan wennet frou Veninga (no Piet de Jong) mei har dochter Gryt en in eintsje fierder begjint it binnenpaad nei Kubaard, it betonbrechje leit der noch en komme bij boer Klynstra sawat oer it hiem. No werom nei de Molewâl, yn it earste hûs wennet plysje Groendijk mei neist him Sjerp Piersma dy 't foar de begraffenisferiening leedomsizzer is, hij hat de foargong bij in begraffenis en hat dan in swarte steek oerders op syn holle(jo sjogge Napoleon der faak mei ôfbylde).



Fiederop wennet Visser de skuonmakker (no Jan Tamminga) mei derneist Anne Reitsma de slachter (syn soan is Tjalling), dan noch in pear fabrykswenten mei der neist it tsjettelhûs fan de suvelfabryk mei in mânske fabrykspiip dy 't beeldbepalend is foar de omjouwing. We gean no werom nei de boalserterdyk (Hottingawei) dêr wennet Govert Wiersma (no fam Koornstra) dit hûs waard yn twa gedeeltes bewenne, derneist wenne

Oepke Bijlsma dy 't postboade wie. Govert rûn mei syn karke mei in peteroaljefet der op en sutele troch it hiele doarp, hij wie in tige beskieden man dy 't syn libben lang frijgesel bleaun is. Dan komt de krudeniers winkel fan Pieter Vellinga (no vdSluis) mei yn itselde hûs Oane Lageweg dus ek yn twaaen bewenne, hij wie de bestjoerder fan de Zettelmeyer gemeentewals .Skean der tsjinoer Wybe de Boer mei in krudenierswinkeltsje (no vd Meer) mei as buorman timmerman Fre Hogendorp, en oan de oare kant feekeapman Sybren de Jong (no Turksma) dy 't yn in Austin auto ried.

Op de hoeke fan de fabrykswei oan iene kant fam. Bij de Weg en oan de oare kant de pastorie mei as bewenner ds Pauwels dy't net sa grut wie en soms in auto hierde bij garage Douma, hij hie dan in kessentsje op de bestjoerdersbank, oars koe hij net goed útsjen yn sa 'n grutte Chevrolet. Oan de oare kant wenne Leendert Miedema dy 't neist syn kleanmakerswurk in bibliotheek runde yn syn achterhûs, wêr 't in protte gebrûk fan makke waard. In pear huzen fierder wenne Durk Lemstra mei syn frou (wij wenje dêr no), sij wiene beide doofstom mar wol skrandere minsken, Durk wie skuonmakker en de grûnlizzer fan de lederwaren fabriek dy't sij efterhûs hiene, letter hat syn soan Kees in nije wurkpleats bouwe litten mei de namme „UTIOR” wat (Uw Tevrenheid Is Onze Reklame) betsjut en letter oernaam is troch KMA, it bedriuw stie wêr 't no Siep Boonstra wennet.



Dan komme we bij boer Piet de Jong (no frou Boersma) en dernei oer de feart it brechje nei de dûbele went mei as bewenners Sybren Reitsma en Oane Miedema (no Siet en Greidanus), dan it hûs fan de susters Noordmans dy 't je hast nea seagen en as lêste hûs Hoatse Piersma ek mei in moai betonnen brechje derfoar. Oan de oare kant nei de Grifformearde tsjerke noch tije huzen ek mei in feart foarhûs, yn it lêste hûs (no Timersma) wenne feearts van Loenen dy 't yn in Volvo riid, in saneamde kattenrug.

No bin we oan de fabrykswei ta mei oan de linkerkant in blok huzen dy ‘t bewenne waarden troch trije hushâldings, Tseard Hingst, JanSchild en Ate Smit mei soan Freark, (no van Bommel). Freark hold kninen en wûn dermei wol gauris in priis, ien hûs fierder wenne de fabryksmasjinst Koen mei tsjinoer him Jelmer Bakker (no vdVelde) hij wie koster fan de tsjerke en hulppost. Skeef dêr tsjinoer de grutte direktorswente fan Jan de Boer mei in hege stoepe der foar, hij wie direkteur fan de fabryk „de Takomst” en hat in turbulente tiid meimakke mei fabryksfuzjes ensf. Je koene tusken de



molkmûntfangst fan it fabryk en in laboratorium troch en kamen dan sa bij de trekfeart. Rjochtsom stie noch in blok fabrykswenten mei as bewenners Ate en Meintsje Hiemstra, Durk Bootsma, Jan Hofstra en Wybe Hiemstra dy ‘t allegear bij de fabryk wurken.

Dan oer in lyts brechje nei de pleats fan Douwe Wybenga ek yn twaen bewenne mei as buorlju Meindert en Durkje Tiemersma, Meindert wie lyts mar krigel en Durkje sa goed as bôle. Letter bin de fabrykshuzen en de pleats ôfbrutsen om romte te meitsje foar nijbou dy ‘t dêr letter plakfûn.

No bin we it hiele doarp trochwest en sa kin we sjen dat nei 65 jier Wommels in hiel oar doarp wurden is.



Foto's: Met dank aan Johan Wagenaar. Als de rechthebbende (de fotograaf of degene die de rechten op de oorspronkelijke foto heeft verworven) zijn/haar foto liever niet geplaatst ziet staan, kan hij/zij contact opnemen met Diggelfjoer, zodat de foto verwijderd zal worden.